



Hjoed, de alfde fan wynmoanne njoggentjinhûndert njoggen en sawntich, forskynden foar my, _____

Mr. Theunis Ynses de Boer, notaris, steande to Damwâld :

1. Hendrik ten Hoeve, learaer, to Easternijtsjerk, _____

2. Clara Marie de Jong, trouw mei Sible Petrus de Boer, to Ljouwert, _____ ; _____

as foarsitter en skriuwster fan 'e foriening : _____

FRYSKENASJONALE PARTIJ, mei sit to Ljouwert . _____

De komparanten forklearren, dat de ledegearkomste fan de trettjinde fan hjerstmoanne njoggentjinhûndert njoggen en sawntich _____

bisletten hat om it karbrief to foroarjen, op 'e nij fêst to stellen en yn in notariële akte op to nimmen, sa't bliken docht út in oan dizze akte fêstmakke ôfskrift fan 'e oantekens fan niisneamde ledegearkomste. Dêrneffens is it karbrief tonei lyk as neikomt:

_____ NAMME EN SIT. _____

Kêst 1. _____

De foriening draecht de namme: _____

Fryske Nasjonale Partij, by forkoarting: F.N.P. _____

Hja is festige to Ljouwert. _____

_____ DOEL. _____

Kêst 2. _____

1. It doel fan 'e foriening is om, de politike wei lâns, yn it ramt fan in demokratyske en federalistyske steatsynrjochting, de ûntjowing fan Fryslân fuort to sterkjen. _____

2. Hja bistribbet dat doel troch: _____

a. bistudearring fan Fryske en federalistyske fraech stikken om ta politike bislútfoarming to kommen;

b. foarljochting oer en aksje foar Fryske en federalistyske polityk; _____

c. ôffurdigen kieze to litten yn fortsjinwurdigjende organen; _____

d. alle oare middels, dy't ta it doel bydrage kinne.

_____ DUR. _____

Kêst 3. _____

De foriening is oangien foar ûnbiskate tiid. _____

1747

LEDEN EN STIPERS.Kêst 4.

1. De foriening hat leden en stipers. _____
2. Elk, dy't achttjin jier of âlder is en bigjinsel en doel fan 'e foriening meistimt, kin lid wurde fan de foriening. _____
3. Stipers binne dyjingen, dy't as sadanich troch it bistjûr oannommen wurde. _____

De stipers bitelje de leechste ynlage, dy't de ledegearkomste fêststelt. _____

Kêst 5.

1. Dejinge, dy't lid wurde wol, jowt him dêrta op by de skriuwer. _____
 2. It bistjûr bislút oer de talitting. _____
 3. Byhwannear't immen net talitten wurdt, kin er binnen fjirtjin dagen nei't him dat skriftlik oansein is, yn birop gean by de ledegearkomste. Dat birop moat skriftlik yntsjinne wurde by de skriuwer. _____
- Oer dat birop wurdt in bislút nommen op 'e earstkomende ledegearkomste. _____

IT OPHALDEN FAN IT LIDMAETSKIPKêst 6.

1. It lidmaetskip hâldt op: _____
 - a. troch forstjerren; _____
 - b. troch skriftlik opsizzen troch it lid; _____
dat kin altyd en sûnder in opsizzingstermyn barre;
 - c. troch skriftlike opsizzing út namme fan de foriening; _____
soks kin altyd barre en sûnder opsizzingstermyn troch it bistjûr, as yn it fatsoenlike net fan 'e foriening ferge wurde kin dat it lidmaetskip trochrint; _____
 - d. troch útsetting; _____
dy kin allinne troch it bistjûr útsprutsen wurde, byhwannear't in lid him yn tsjinstriid mei de kêsten, regleminten of bisluten fan de foriening hâldt en draecht of de foriening ûnrîdlik bineidielt. _____
2. As it in bistjûrder oangiet, bart de opsizzing út namme fan de foriening, en de útsetting troch de ledegearkomste. _____





Hy kin net yn birop gean, lyk as hjirnei biskreaun stiet. _____

3. Dejinge, hwa't in bislút ta útsetting oangiet, wurdt sa gau mooglik fan dat bislút op 'e hichte brocht, mei opjefte fan 'e reden. _____

Binnen fjouwer wike nei't him dat bislút trochdien is, kin er yn birop gean by de ledegearkomste. _____
Dat birop moat skriftlik by de skriuwer yntsjinne wurde. _____

4. Utsein it gefal, dat de persoan, hwa't it oangiet, to witten docht, dat it birop bihannelle wurde kin op 'e earstkommende ledegearkomste, skriuwt it bistjûr binnen fjouwer wike nei't it dat ynstjûrde birop krige hat, dêrta in ledegearkomste út. _____
De persoan, hwa't it oangiet, kriget op dy ledegearkomste de kâns om him to fordigenjen. _____

5. Yn 'e biropstermyn en wylst it birop bihannelle wurdt, is de persoan hwa't it oangiet útsluten, útsein fan de niisneamde ledegearkomste dêr't syn birop yn bihannelle wurdt. Yn dy gearkomste hat er lykwols gjin stimrjocht. _____

UTSLUTING.

Kêst 7.

1. Yn 'e gefallen, niisneamd yn kêst 6 lid 1 ûnder d, kin it bistjûr in lid op syn heechst foar in fearnsjier útslute, as it bistjûr in bislút ta útsetting to bot oankomt. _____
2. It yn kêst 6 leden 2 oant en mei 5, biskreaune jildt dan op oerienkomstige wize. _____

RJOCHTEN EN FORPLICHTINGS.

Kêst 8.

1. Mei ynachtnimmen fan hwat yn 'e wet of dit karbrief stiet, hawwe de leden it rjocht om de troch it bistjûr oan to wizen eigendommen en geriven fan 'e foriening to brûken, neffens bisteande of to meitsjen regleminten, bisluten en brûken. _____
2. De leechste ynlage dy't de leden bitelje moatte en de oare bidraggen wurde troch de ledegearkomste fêststeld. _____



3. Hûsgenoat-leden bitelje krekt as de stipers de leechste ynlage, mar hawwe likense rjochten as de leden.
4. It bistjûr makket út, op hokker wize en mannichste op syn lêst bitelle wurde moat. _____
5. Utsein it gefal dat it bistjûr oars bislút, moat de leechste ynlage foar it hiele jier, dêr't it lidmaatskip yn bigjint of ophâldt, bitelle wurde. _____

_____ BISTJUR. _____

Kêst 9. _____

1. It bistjûr hat op syn minst trije en op syn meast njoggen leden. _____
It tal bistjûrsleden wurdt útmakke troch de ledegearkomste. _____
Allinne leden fan 'e foriening binne forkiesber. _____
Bistjûrsleden wurde bineamd, útsluten en ûntslein troch in bislút fan 'e ledegearkomste. _____
De foarsitter en skriuwer wurde fan 'e gearkomste yn funksje keazen; skathâlderskip en mooglike oare funksjes wurde troch de bistjûrsleden ûnderinoar ferdield.
2. Elk bistjûrslid wurdt keazen foar de tiid fan trije jier en kin dan ien kear fuort wer keazen wurde, útsein de foarsitter en de skriuwer, dy't trijekar efterinoar keazen wurde kinne. _____
By in tuskentjidske forkiezing wurdt by de sittings-tiid fan in nij bistjûrslid dy fan it ôfgeande bistjûrslid opteld. _____
Alle jierren giet op syn minst ien bistjûrslid - mar net mear as de helte fan it sittende bistjûr - nefens roaster ôf. _____
It bistjûr docht in útstel oer it roaster fan ôfgean, dat oan 'e ledegearkomste foarlein wurdt. _____
3. De útsluting fan in bistjûrslid, dy't net binnen in fearnsjier útrint op ûntslach, komt in ein oan nei forrin fan dy termyn. _____
4. Utsluting fan in bistjûrslid as lid fan de foriening hâldt tagelyk yn útsluting as bistjûrslid. _____
De ein fan it lidmaatskip hâldt tagelyk yn de ein fan in bistjûrslidmaatskip. _____
5. In bistjûrslid kin altyd sels ûntslach nimme. _____



6. As der in plak yn it bistjûr frijkomt, wurdt op syn lêst twa moanne letter in ledegearkomste hâlden om dat fakante plak to bisetten, útsein as it bistjûr bislút om dêrmei to wachtsjen oant de earstkommende, troch it bistjûr útskreaune ledegearkomste. _____

Kêst 10. _____

1. Mei bihâld fan syn eigen forantwurdlikens kin it bistjûr him ta útfiering fan syn taek bystean litte fan riejowers of kommisjes, dy't troch it bistjûr bineamd wurde. _____
2. De riejowers en/of kommisjes wurde troch it bistjûr oan de ledegearkomste bikend makke. _____

Kêst 11. _____

It bistjûr hat gjin foech om oerienkomsten oan to gean ta it keapjen, út 'e hân bringen of biswierjen fan registerguod, bihalven as it bart mei goedkarring fan de ledegearkomste. _____

_____ FORTSJINWURDIGING. _____

Kêst 12. _____

De foarsitter en de skriuwer of har forfangers fortsjinwurdigje togearre de foriening. _____

_____ BISTJURSGEARKOMSTEN. _____

Kêst 13. _____

1. De foarsitter makket út hwer't en hoenear't in bistjûrsgearkomste hâlden wurdt. _____
Hy moat dy oproppe, hwannear't op syn minst twa bistjûrsleden dêrom freegje. _____
2. De foarsitter stelt de wurklist fêst. _____
Hy is hâlden om in biskaet ûnderwerp op 'e wurklist to setten, as op syn minst twa bistjûrsleden dêrom freegje. _____
3. De foarsitter hat it foech om in ein to meitsjen oan it birie oer in ûnderwerp dat oan 'e oarder is, bihalven as it bistjûr oars bislút. _____
4. Hwannear't de stimmen stake, jowt de stim fan de foarsitter de trochslach. _____
5. De skriuwer makket oantekens, bihalven as it bistjûr bislút dat it mei in list fan bisluten takin. It bistjûr stelt de oantekens of list fan bisluten _____



fêst en dy fêststelling moat bliken dwaen oan 'e ûndertekening troch foarsitter en skriuwer. _____

LEDEGEARKOMSTEN.

Kêst 14.

1. Op syn minst ienris jiers wurdt op syn lêst seis moanne nei ôfrin fan it boekjier in ledegearkomste hâlden (jiergearkomste). _____
De ledegearkomste kin lykwols de niisneamde termyn foar elk jier apart forlingje. _____
2. In ledegearkomste wurdt boppedat hâlden op groun fan in bislút fan de foarsitter of fan it bistjûr of as op syn minst tsien leden dêrom freegje. _____
3. Elk lid en elke stiper hat tagong ta de ledegearkomste en hat it foech om dêr to sprekken en útstellen to dwaen. _____
4. Allinne de leden hawwe stimrjocht. _____
Elk lid hat ien stim. _____
In stim kin net troch in folmacht útbrocht wurde. _____

Kêst 15.

1. Op 'e wurklist fan 'e jiergearkomste moat yn alle gefallen stean: _____
 - a. forkiezing fan bistjûrsleden; _____
 - b. jierforslach troch it bistjûr oer it ôfroune boekjier; _____
 - c. rekken en rekkenskip troch it bistjûr fan syn bistjûr yn it ôfroune boekjier; _____
 - d. forslach fan de kaskommisje oer it ôfroune jier; _____
sa'n kaskommisje bistiet út trije leden en wurdt alle jierren troch de ledegearkomste bineamd; in lid fan 'e kaskommisje kin net faker as trijekar efterinoar bineamd wurde; _____
 - e. yntsjinjen fan de bigreating foar it kommende jier. _____
2. De wurklist fan in ledegearkomste wurdt fierders troch it bistjûr fêststeld, dêr't by yn acht nommen wurde moat hwat yn dizze kêst foarskreaun is. _____
3. Hwannear't op syn minst tsien leden dêr skriftlik om freegje, is it bistjûr forplichte en set in opjown punt op 'e wurklist. Sa'n forsyk moat op syn minst tsien dagen foar de dei fan de ledegearkomste by it _____



- bistjûr ynkommen wêze, de dei fan ynkommen fan it forsyk en de dei fan 'e gearkomste net meirekkene. _____
4. As niisneamd forsyk net op 'e tiid ynkomt, dan kin it bistjûr lykwols bislute om dat punt op 'e wurklist to setten. _____

De skriuwer docht dat dan sa gau mooglik to witten oan 'e leden. Hat er dat net dien, dan kin de ledegearkomste bislute om it punt net to bihanneljen. _____

5. In opjown punt dat net bihannele is, moat op 'e wurklist fan de earstkommende ledegearkomste set wurde. _____

6. Yn tsjinstelling mei it niisneamde moat in útstel ta foroarings yn it karbrief ynkomme op syn minst tritich dagen foar de ledegearkomste, de dei fan it ynkommen fan it útstel en de dei fan 'e gearkomste net meirekkene. _____

It yn lid 4 stelde jildt yn dat gefal net. _____

Kêst 16.

1. De skriuwer docht de leden op syn minst sawn dagen foartiid, de dei fan 'e oprop en de dei fan de gearkomste sels net meirekkene, tyngje fan 'e to hâlden ledegearkomste. _____
2. Dy tyngje hâldt yn tiid en plak fan 'e earstkommende gearkomste en de wurklist, dêr't by yn acht nommen wurde moat hwat der stiet yn kêst 15 lid 4. _____
3. As it forsyk, omskreaun yn kêst 14 lid 2, net binnen fjirtjin dagen tastien wurdt, kinne dejingen dy't om in ledegearkomste frege hawwe, dy gearkomste sels útskriuwe, op 'e wize as oanjown is yn lid 1 fan dizze kêst. _____

As it op sa'n wize net dwaenlik is, kinne hja de gearkomste útskriuwe troch in advertinsje yn in deiblêd, dat yn Fryslân fan gâns minsken lêzen wurdt. _____

Kêst 17.

1. Elk bislút fan 'e ledegearkomste wurdt nommen mei gewoan meartal fan stimmen, útsein yn it gefal dat de wet of dit karbrief oars foarskriuwt. _____
- Unjildige en ûnbiskreaune stimbriefkes wurde oanmurken as net útbrochte stimmen. _____



2. As de foarsitter of deledegearkomste net oars bislút, wurdt oer persoanen skriftlik stimd en oer saken mounling. _____
3. Byhwannear't de stimmen stake, is it útstel forsmitten. Hat by in stimming oer persoanen gjinien it gewoane meartal fan stimmen krige, dan wurdt op 'e nij stimd oer de twa persoanen, dy't de measte stimmen hiene. _____
As by dy twadde stimming de stimmen stake, wurdt der lotte. _____

FOROARING FAN IT KARBRIEF.

Kêst 18.

1. It karbrief kinne foroarings yn oanbrocht wurde, dêr't in bislút ta nedich is fan 'e ledegearkomste, en dat bislút moat nommen wêze mei op syn minst twa/trêdde fan 'e stimmen yn in gearkomste, dêr't op syn minst twa/trêdde fan 'e leden bywêzich is. _____
Is dat lêste net it gefal, dan wurdt in nije gearkomste útskreaun, to hâlden net earder as tsien dagen en net letter as tritich dagen nei de earste. Yn dy nije gearkomste kin in bislút ta foroaring fan it karbrief rjochtsjildich nommen wurde mei in meartal fan op syn minst twa/trêdde fan de stimmen, likefolle hoe-folle leden at der bywêzich binne. _____
2. Dejingen, dy't oproppe ta in ledegearkomste dêr't in foroaring fan it karbrief yn bihannele wurde sil, moatte op syn minst fiif dagen foar dy gearkomste in ôfskrift fan it útstel, dêr't de foroarings wurdlik yn opnommen binne, op in gaedlik plak op bisjenlizze oan't nei ôfrin fan de dei fan dy ledegearkomste. _____
3. Yn 'e kêsten 6, 14 leden 1, 2 en 3, 15 lid 1, en 18 steane foarskriften, dêr't men jin fanwegen de wet oan to hâlden hat. _____
4. De foroaring hat gjin jildichheit, foar en alear't der in notariële akte fan opmakke is. _____

UNTBINING.

Kêst 19.

1. In bislút ta ûntbining kin allinne nommen wurde op 'e wize as yn kêst 18 leden 1, 2 en 3 omskreaun is. _____



2. By ûntbining fan 'e foriening wurdt de bistimming fan it bisit fêststeld by bislút fan 'e ledegearkomste, dêr't by yn acht nommen wurde moat hwat der stiet yn kêst 18 leden 1, 2 en 3. _____

De komparanten binne oan my, notaris, bikend . _____

Fan ien en oar is dizze akte yn menút opmakke to Damwâld, op 'e mannichste yn it bigjin fan dizze akte neamd . _____

Nei't de ynhâld fan dizze akte saeklik oan 'e komparanten opjown is, hawwe hja ienriedich forklearre mei dy ynhâld bikend to wêzen en der net op to stean dat dy akte alhiel tofoarenlêzen wurde sil . _____

Dêrnei is dizze akte nei biheind tofoarenlêzen fan 'e komparanten en my, notaris, ûndertekene .

"H. ten Hoeve, C.M. de Boer-de Jong, Th.Y. de Boer."



UTJOWN FOAR EARSTE OFSKRIFT.-
=====

[Handwritten signature]